

Allegear húskes

In skyldpod yn syn bleate poepert is syn **skyldsje** kwyt. Dat is wat, sis! Earme skyldpod, wy helpe dy. Witsto wêr't syn húske is?



Skyldpod

Pyk wennet yn in grut wyt **aai**. Mar wacht ... wat hear ik no? Tik tik! Pyk wol graach nei bûten ta. Wêr bisto Pyk? Piip, hjir bin ik!



Pyk

Famylje froask sjongt in liet mei in kweak hjir en in kweak dêr. Ik hear se wol, mar sjoch se net. Se wenje yn de **wetterdobbe**. Mar wêr?

Froask



Rûp



Hûn

Bijke de hûn strúnt oer it hiem. Hy wennet by de boer. Mar as er wurch is dan leit er ... Goed sjoen! Yn syn smûke warme **koer**.


De earrebarre sit hiel heech mei har piken op it **nêst**. Hoefolle binne it? Sille wy telle? Ien, twa ... Meielkoar kinne wy it fêst!



Earrebarre

Ik ken in hiel aardich berntsje en dat berntsje dat bisto! Blier, ûndogensk, skattich of alles tagelyk. Mar fertel my ris: wêr wennesto?

Dit bin ik!



afûk

SFB